

KASTINGSCÊNE GRUTTE PIER – RINTSJE

*Pier komt thús nei in dei hurd wurkjen op it lân.
Hy seit neat tsjin syn leafste Rintsje
Giet sitten, langút.
Se sjocht him oan. Glim foarme oer it gesicht.
Dat sjocht er. Blikken hin en wer.*

PIER

Wat is der?

RINTSJE

Neat. Ik sjoch allinnich mar.

PIER

Ik bin klear, it hat moai west.

RINTSJE

Wolst bier?

PIER

Hast bier dan?

RINTSJE

Ik haw bier, ja.
Helle by de âlde Jakobse.
Ik haw it sels kâld stean.

PIER

Hoe dan?

RINTSJE

Yn 't streamke lein.
Foar Pier in iiskâld feestlik bierke.

PIER

(observearret)

No, sis it mar.

RINTSJE

Wat?!

PIER

Do joust my nea bier sûnder dat der wat is.
Der is wat. Ik sjoch it yn dy eagen fan dy.

RINTSJE

Earst in bierke.

Pier stiet op. Hy pakt har beet.

RINTSJE (ferfolch)

Foarsichtich. Tink der om.

Hy lit har los. Draait har om. Dat "foarsichtich" seit him genôch. Hy sjocht har yn de eagen, as koe er earne yn dy eagen in hiel ferhaal sjen.

PIER

Is it sa, is it net?

It is sa! Is it sa?

Sis dat it sa is!

RINTSJE

Ja, it is sa.

Ik tocht it al in skoftke.

Mar hjoed... ik bin wat ... dat is in goed teken, dochs?

PIER

Dat wurdt my der ien.

Dizze jonge wurdt in boer, dat kin net misse. Hy sil my helpe op it lân.

Se groeie oer dy hinne, witst dat? Hy wurdt grutter as my.

RINTSJE

It kin ek in famke wêze.

PIER

Fansels net, it wurdt in jonge. In famke...

dat is in te grut geskink foar in man as my.

Rintsje laket.

Pier hâldt har eagen ticht, foarsichtich.

Dan pakt hy út syn bûse in medaljon.

It is lestich om dat har om te dwaan, mei ien hân.

PIER

Doch dyn eagen ticht.

Mei twa hannen slagget it.

Dan iepenet sy har eagen.

Se fielt oan it medaljon.

RINTSJE

It is te folle, Pier.

Wy moatte sparje.

PIER
Foar wat! Ik haw alles!

RINTSJE
(wifeling)
Foar in oar plak.

De stimming slacht om.

PIER
Dit is wat it is. En dat is genôch.

RINTSJE
Mar dit is gjin lân om bern grut te bringen.

PIER
Us bern wurde hjir berne en se groeie hjir op.
En se sille fan ús lân hâlde.
Fryslân, dêr't se foar stjerre wolle as it nedich is.

RINTSJE
Mar oer de hoarizon, Pier... oer de hoarizon is lân...
Wêr wy mei ús...

PIER
(rûch)
Der is dêr neat, hielendal neat. Hoe krigest it yn 'e kop!

Se skrikt en fielt oan har bûk.

PIER
Sa bedoel ik it net.
Ik bedoel... Hawwe wy it letter oer. We hawwe tiid sêd.

Hy sjocht wer yn dy eagen.

PIER (ferfolch)
Ik wol graach dat feest fan niis werom.

In oanfoljende ymprovisaasje wurdt op priis steld.